

DE NG FAN FRYSLÂN



**WATZE
VAN DER
WAL**
SIERADEN
MEESTERGOUDESMID

Te keap yn ús winkel en
fia pompebledsjes.nl

MIDSTRAAT 1, JOURE

WATZEVANDERWAL.NL



2023
2024

RYSK SELSKIP SWOL

Oan



Lede-administraasje: Brethouwerstraat 15,
8043 AZ Zwolle



oprjochte 8 febrewaris 1899



piano's - vleugels - orgels - kleininstrumenten

stemmen - onderhoud - verhuur

DE GRAAF MUZIEK BV

hanekamp 2-8, zwolle, telefoon (038) 453 55 87

**Jou omtinken
oan ús advertearders**



BESTJOER

foarsitter Jan Bosgraaf Smitserf 42 7951 JG Staphorst
janendjoke@home.nl / 0522 464718 / 06 14268993

2° foarsitter / Henk Monkel Gentiaan 23 7721 HA Dalfsen
2° ponghâlder henmmonkel@kpnmail.nl / 0529 433175 / 06 30888376

skriuwer Jolanda Lootens Brethouwerstraat 15 8043 AZ Zwolle
jolandalootens@live.nl 06 47585240

ponghâlder Sjoerd Bakker Koelmansstraat 10 7722 LX Hoonhorst
sdabakker@outlook.com / 0529 401683 / 06 57255999

2° skriuwer Jan-Tjerk Kuipers Mandenmakershoek 5 8131 CZ Wijhe
jantjerkkuipers@gmail.com / 0570 522329 / 06 42275636

lid Annet Nieuwenhuis – Kokké Schuttevaerkade 103 8021 HD Zwolle
annetnieuw@planet.nl / 038 4537836

Lede-administraasje

Jolanda Lootens Brethouwerstraat 15, 8043 AZ Zwolle 06 47585240

IBAN rekkennûmer

NL95 RABO 0377 3373 66 op namme fan Frysk Selskip Swol

KONTAKTPERSOANEN

Dalfsen	frou F. Smits	Vechtoever 11	0529 432436
Hatterm	frou W. Steenbeek - Boschma	Hendrikjesweg 46	038 4442894
Kampen	frou J. Wiegiersma	Nijverheidsstraat 11	06 19506520
Wezep	hear K. IJtsma	Scheerderslaan 8	038 3769007
Wijhe	hear F. Kunst	Stationsweg 28	0570 521931

Zwolle

Aalanden	frou C. Penning	Potmarge 27	038 4541272
Assendorp	frou A. Groenland	Ranonkelstraat 8	038 4220741
Berkum	hear J. van Slageren	Lorentzlaan 34	038 4529353
Binnenstêd, Dieze en Veerallee	fam L. Nieuwenhuis	Schuttevaerkade 103	038 4537836
Holtenbroek	frou H. Osinga	Reggelaan 55	038 4549429
Stadshagen	frou J. Lootens – Berg	Brethouwerstraat 15	06 47585240
Westenholte en Spoolde	hear H. van der Zee	Bouwkamplaan 6	038 4223588
Wipstriik	frou W. de Vries - Boersma	Carry van Bruggenstraat 25	038 4543033
Zwolle – Súd	hear J.H. Zijlstra	Dreessingel 88	038 4542562





Sneon 16 maart 2024 hâldt It Keninklik Frysk Boun om Utens syn jierlikse

Algemeine Gearkomste (AG) en de Moetings- & Ynspiraasjemiddei

diskear by de Fryske Krite'Waling Dykstra' yn Meppel.



De Tocht is in spektakulêr sjongspul oer de legindaryske Alvestêdetocht, dy't ferneamd is om syn utersten. Fan de waarmte en it feest yn de Fryske doarpen en stêden oant de kjeld, de iensumens en de wurgens op de 200 kilometers iis tusken dy doarpen en stêden. De Alvestêdetocht komt ta libben yn it spesjaal boude Friso Theater, mei in draaiende iisflinter fan mear as 2000 m2, yn Ljouwert. Tûzenen minsken út it hiele lân hawwe dit winterske spektakel al sjoen.

Sjoch foar ynformaasje op <https://spektakel.musicaldetocht.nl>



FREDIGE KRYST

Dit krantsje komt yn 'e oanrin nei kryst en it krystmiel op 14 desimber. In krystmiel mei lekker iten en drinken yn in smûke, waarme omjouwing mei minsken dy't foar dy gelegenheid de pronk oanlutsen hawwe. In krystmiel yn it jubileumjier fan ús selskip, dat op 8 febrewaris 2024 125 jier bestiet. It jubileum dat wy op 15 maart 2024 mei-inoar hoopje te betinken en te fieren mei optredens fan it Frysk Sjongkoar Swol, de Fryske trûbadoer Gurbe Douwstra en mei-inoar lekker ite. Dêr tusken yn op 19 jannewaris noch in gesellige nijjersmiddei mei moaie muzyk en Fryske lieten fan 'Grytz en Grize'. It is ien en al 'feest'. Feest, dat wy yn alle frijheid fiere kinne. Wy witte net better. Wy fine it gewoan. Wy steane der meastentiids net iens by stil dat it ek oars kin. Of dit jier en yn dizze tiid dochs wol?

Want elke dei wurde wy konfrontearre mei ôfgrypslike bylden fan de oarloch tusken Israël en Hamas. Net tusken Israël en de Palestinen, wurdt der troch it Israëlyske regear bewearde. Al hat it der in soad fan, dat it regear en it leger fan Israël gjin ûnderskied meitsje. Ik weagje my lykwols net oan in beskôging dêroer. Dêr is de skiednis my fierstente kompleks foar. Wat wy der fan sjogge, en dat is noch iens it slimste, is al genôch om út it lykwicht en fan de wize te reitsjen en dy fertwifele ôf te freegjen hoe't it kin, dat minsken en benammen lieder ta soks by steat binne. De skiednis hat harren dochs sjen litten, dat it nearne ta liedt. Oars net as ta dea en ferdjer. Dat jildt ek foar de oarloch yn Oekraïne, dy't nei de barbaarske oanfal fan Hamas op 7 oktober, wat nei de eftergrûn ferdwynt, mar alle dagen noch tsientallen of hûnderten slachtoffers makket. Utsein de paus en de sekretaris-generaal fan de FN nimme Westerske regearingslieders oant no ta it wurd 'frede' net yn 'e mûle, mar prate se oer it tydlik dellizzen fan de wapens en it ynstellen fan in humanitêre korridor. Hoe't it der hinne leit op it stuit dat jimme dit krantsje lêze, wit ik net. Mar dat it der dan better foar stean sil, dêr ha'k in swiere mûtse oer op.

Wy geane op nei it krystmiel en de wintersinnekear, dat de Germanen om 21 desimber hinne fierden, dêr't it kweade by ferjage en in ljocht begroete waard. Elkenien it Ljocht / ljocht en de frede fan Kryst tawinske.

Jan Bosgraaf (foarsitter)

FERSLACH LEDEGEARKOMSTE 2023

freed 27 oktober 2023 yn "De Weijenbelt".

sa'n 50 minsken oanwêzich

Om krekt 14.00 oere iepenet Jan Bosgraaf dizze gearkomste mei in hertlik wolkom oan de leden, it Frysk Sjongkoar Swol en Klasina Seinstra (dy't wat letter komme sil).

1. Iepening en meidielings.

Wy begjinne oan in bysûnder winterskoft: op 8 febrewaris takom jier wurdt ús selskip 125 jier. Dat hoopje wy op 15 maart yn De Weijenbelt mei-inoar te betinken en te fieren. Dêrta sil in substansjeel berop op de reserve dien wurde. Dy is yn de 'gouden tiid' fan it Selskip opboud. Dêr krije de leden mei dat jubileumfeest wat foar werom. Op dit stuit hawwe wy noch 94 leden. Fan 'e middei binne der 2 nije leden bykaam. Sûnt mear as 50/60 jier is it ledetal ûnder de 100 sakke. Guon leden komme net mear nei ús middeis of jûnen, trochdat de beheiningen te grut wurde. En elk jier ûntfalle ús ek leden. Yn 'e rin fan dit jier hawwe wy fan 7 leden ôfskie nommen:

**Otto Cazemier – Elly en Gerben de Groot – Sietske de Boer –
Albertina de Hoop – Tsjikke Steenstra en Trien Nauta.**

Net allinne by ús rint it ledetal werom; alle 12 Fryske krite bûten Fryslân hawwe der mei te krijen. Mei-inoar hawwe se noch sa'n 1100 leden. Troch de efterútgong fan it ledetal hawwe wy ús wurklist ek oanpasse moatten. Wy hâlde gjin aparte jûn of middei mear foar de ledegearkomste. Dat is no de earste middei fan it winterskoft. En sûnt dit jier is der – nei 20 kear – ek gjin tsjerketsjinst mear. Nei dit jubileumwinterskoft sjogge wy wol wat der noch mooglik is en hoe't wy fierder gean, want de ponge sil noch net leech wêze. Dêrom sette wy troch, mar wol tuike-tuike oan.

2. Op it ferslach fan de ledegearkomste fan 8 april 2022 binne gjin oanfolingen.
3. Op it jierferslach 2022–2023 fan de skriuwer (de fiif krantsjes) binne ek gjin oanfolingen.
4. Ponghâlder Sjoerd Bakker leit it ien en oar út oer de jierrekken 2022-2023. De jierrekken en Sjoerd syn taljochting jouwe gjin oanlieding ta fragen.
5. Ferslach fan de rekkenopnimers: Harmen van der Zee docht ferslach fan de besite dy't Gerrit Jellema en hy oan de ponghâlder brocht hawwe. Se hawwe alles sekuer neisjoen en dat wie goed foarinoar. Hy en Gerrit dogge it útsel om de ponghâlder te ûntlêstigen. Dat wurdt mei hantsjeklappen oernaam. Jan betanket de rekkenopnimers. Hy betanket Sjoerd foar al it wurk en Annet foar it wurk oan de ferlottingen, dy't wer moai wat jild yn it laadsje brocht hawwe.
6. Jan betanket Harmen foar syn wurk as rekkenopnimmer. Hy is no ôfgeand. Foar him yn't plak komt Jaap van Slageren. As nije reserve-rekkenopnimmer stelt Jan Eppinga him spontaan beskikber.

(ferfolch op side 3)

KRYSTPUZEL 2023

1		45	10					27			34	12		4				
2			4			1	13		24			9					12	
3	11				45	43			16				43		13			9
4	28			26					27	35		33		27				17
5		10			21	4	2				1			16	4			43
6	15				8				12			14		3/36		16		
7			4	31		15				31		38			30			27
8			40			9	25		46		5			8				31
9	35					26	11			17	11			14				9
10				41	4	19			14			26						46
11			10	31				35				26			4			20
12		26			4		22						21					15
13				4				4	41			7	9		16	9		
14			9	5		6			29		13					47		47
15	15	41		45			12			16			18	25				14
16	6			6	41			28		29		1				12	23	
17	6		18		12		16		1		14		12		27			9
18	21			5		26		37			15		21		28	44		
19	37		13		4				21	32		4			39			47
20	42	9				26	26			2				21			17	11

OPLOSSING

1	2	3	4	5	6	7		8	9	10	11	12	13	14	15	16	17	
	18	19		20	21	22	23	24	25		26	27	28	29	30	31	32	33
34	35		36	37	38	39	40		41	42		43	44	45	46	47		

KRYSTPUZEL 2023

Foarich jier stie der in krystpuzel mei moaie, typysk Fryske wurden yn it krantsje. Kenlik fûnen de measte leden dat dreech. Mar fjouwer stjoerden de oplossing yn. Dy giene wol nei hûs mei lekkere oranjekoeke. Diskear kinne grif mear leden de puzel ynfolje. Alle wurden slaan op kryst en krysttiid. Deselde sifers hawwe deselde letters. Der hoege gjin kapkes ensfh. op de letters te kommen. Op elke rige stean twa of mear wurden.

Stjoer foar 25 desimber de oplossing fan de krystpuzel yn troch in mailtsje nei janendjoke@home.nl of in appke nei 0614268993.

Under de ynstjoerders fan de goede oplossing wurde op ús nijiersmiddei op 19 jannewaris 2024 as priis trije doaskes mei seis stikjes oranjekoeke ferlotte.

Wa't útlotte wurdt en der dy middei net is, komt op 'e kâlde kofje. Want de oranjekoeke wurdt net thús besoarge. Dan wurdt der gewoan op 'e nij lotte.

In soad wille mei it ynfoljen tawinske.

(JB)

Omskriuwing fan de krystpuzel 2023

1. optúgde spjir – stêd yn Palestina
2. hingje yn de krystbeam – in waarm miel brûke – dreame fan in ... kryst
3. bjusterbaarlike paadwizer – kamen by de hoeders yn it fjild – slidelûker
4. desimber – dy trije kamen út it ...
5. stiet boppe yn de krystbeam – Sweedske krystman – twadde krystdei
6. om út te drinken – Helleborus niger – feestlikheden ferrjochtsje
7. krystfersiering – Fryske sjongeres
8. hja leine by nacht yn it fjild – 4 wiken foar kryst – ferljochtingsartikel
9. bysûndere tsjerketsjinst – ien fan de trije keningen
10. Ingelsk krystliet – wenplak Jozef en Maria – wintersk ferfiermiddel
11. jûn fan 24 desimber – Amerikaanske krystman
12. skreaun troch Joseph Mohr – Ingelsk krystneigesetsje
13. ienfâldich sliepplak – wynsoart – plak om te oernachtsjen
14. mem fan Jezus – in advintradysje – soart widze
15. wurdt yn Nederlân faak mei kryst dien – kadokebringer
16. stiet yn Amearika en Ingelân op it krystmenu – kryst yn Dútslân
17. Jezus – ien fan de trije keningen
18. krystseine fan de Paus – waarme wyn
19. ... the red nosed reindeer – krystkrânske
20. trije kear wat oars as 'habûs'

(ferfolch fan side 2)

7. Annet Nieuwenhuis en Jolanda Lootens binne as bestjoerslid ôfgeand en op 'e nij foar trije jier yn te hieren. Der binne gjin beswieren of tsjinkandidaten. Mei hantsjeklappen wurde Annet en Jolanda wer foar trije jier beneamd.

8. It winterskoft 2023–2024: 27 oktober Ledegearkomste mei it Frysk Sjongkoar Swol en Klasina Seinstra 14 desimber Krystmiel yn Het Roode Hert by Daltsen 19 jannewaris Nijiersmiddei mei Grytz en Grize yn De Weijenbelt 15 maart jubileum fan it 125 jierich bestean fan it Frysk Selskip Swol en it 20 jierich bestean fan it Frysk Sjongkoar Swol yn De Weijenbelt mei optredens fan it koar en Gurbe Douwstra. En nei ôfrin mei-inoar ite.

9. Ynlage foar it winterskoft 2023–2024. It útstel is om dy net te ferheegjen. Gjinn beswieren.

10. De begrutting fan it winterskoft 2023–2024 wurdt sûnder oanpassing fêststeld. Harmen van der Zee freget hoe lang it selskip noch bestean kin. Jan giet der foarsichtich op yn. Wy kinne net yn de takomst sjen, seit er, mar as it net langer kin, dan litte we it net as in nachtkears útgean mar slute we it mei-inoar ôf. Underwilens melde harren twa nije leden.

11. Rûnfraach. Jannie Kunst docht har komplimenten foar de organisaasje fan it jubileum fan it Fryske Boun om ústens Tige tank út namme fan de jubileumkommisje, seit Jan.

12. Slúting fan de ledegearkomste om 14.30 oere.

Hjernei sjongt it Frysk Sjongkoar Swol û.i.f. Jelma Wiegersma fiif moaie Fryske lieten. Mei inkelde solo's yn it liet "It hat noch nea sa tsjuster west", de Fryske ferzje fan it bekende liet fan Ede Staal.



Dêrnei hawwe wy noch in noflike middei dêr't Klasina Seinstra entûsjast yn fertelt oer har memorabele Alvestêdetocht fan 4 jannewaris 1997.

Jan Tjerk Kuipers

KLASINA SEINTRA HAR ALVESTEDETOCHT

freedtemiddei 27 oktober 2023 yn 'De Weijenbelt' mei sa'n 50 leden

Hja belibje it om sa mar te sizzen wer. Us leden dy't op 4 jannewaris 1997 de 15^e Alvestêdetocht riden hawwe. Sa entûsjast fertelt Klasina Seinstra, de winnares by de froulju, oer har ûnderfiningen mei 'De Tocht der Tochten'. Sy hie al hiel wat grutte tochten wûn, mar dit wie de kroan op har reedrydkarriêre.

Doe't se as lyts famke har âldere suskes riden seach, woe sy dat ek. Noch krekt gjin fjouwer jier stie se foar it earst op redens; op 'houtsjes'. Rillegau hie se de slach te pakken en op skoalle die se mei oan wedstriden foar bern. Letter kaam se yn kontakt mei it lange baan riden en dêrnei stapte se oer nei de maraton. Dêrby kaam it net allinne op faasje oan mar ek op taktyk. En dat lei har wol. Lykwols wûn se ta har frustraasje net faak in wedstriid. Wylst se no krekt sa har bêst dy en har te barsten trainde. Dêr siet him no krekt de oast, sei Henk Gemser tsjin har. It lichem hat op syn tiid ek rêst nedich. Dus op syn tiid in bytsje tuike-tuike oan. Dy rie hie se krekt nedich, sei Klasina. Fan dat stuit ôf gie it elk jier better en stie se gauris op it heechste trepke fan it earepodium. Sa wûn se ûnder oaren fjouwer kear in alternative alvestêdetocht op de Weissensee en ien kear yn Finlân.



Klasina Seinstra

En dan begjint it yn desimber 1996 te friezen. Soe it der dan nei 1986 dochts wer fan komme? Nee, want nei in deimannich wurdt it teiwaar. It wetter is lykwols goed ôfkuolle. Tsjin de kryst begjint it opnij te friezen en nimt de alvestêdekoarts wer ta. En as Henk Kroes de legegindaryske wurden 'It giet oan!' útsprekt, is de hikke folslein fan 'e daam. Klasina hearde it nijs wylst se in maratonwedstriid rydt. Sy en alle oare wedstrydriders tinke fan dat stuit ôf allinne noch mar oan de Alvestêdetocht. Dêr moat se har op fokusje en op neat oars. As se op 4 jannewaris 1997 moarns ier ende betiid mei alle oare wedstrydriders yn de Frieslandhal op it ôftellen en it startskot stiet te wachtsjen, hat se mar ien doel foar eagen; **winne!**

(ferfolch op side 5)




It Nijs is de digitale nijsside fan de Ried fan de Fryske Beweging. Mei in nijsgjirrige seleksje út it wrâldnijs, it nijs út Nederlân en út Fryslân. Alderhande ûnderwerpen, kwestjes en tema's komme foarby. Kultuer, mienskip, wittenskip, opiny (mei aardige kollums), sport, ferdivedaasje en waar.

Der binne grif leden dy't op *It Nijs* abonnearre binne. Mar der kinne noch folle mear by, want it is digitaal en boppedat is it **fergees!** Wêr fine jo soks hjoed-de-dei noch? De Ried fan de Fryske Beweging sil bliid wêze mei mear lêzers.

Nijsgjirrich wurden? Gean dan gau nei www.itnijs.frl en jou jo / dy op!

Boeoeoe ...!

Noch net opjûn foar it krystmiel?
Doch dat dan hjoed
mei in mailsje nei
fryskselskipswol@gmail.com

**FERIENING FREONEN FAN OMROP FRYSLAN**

De **Feriening Freonen fan Omrop Fryslân** (FOF), is de stipersferiening fan de Omrop, dy't stribbet nei in goede publike Fryske Omrop foar radio en telefyzje. FOF soarget foar ynformaasje oer Omrop Fryslân en stipet Omrop Fryslân by syn doelstellings en aktiviteiten. FOF hâldt kontakt mei har leden fia it ledeblêd Each en Ear. Yn 'e rin fan it jier binne der ferskate aktiviteiten en eveneminten dêr't leden oan meidwaan kinne. Sjoch op 'e webside www.omropfryslan.nl/freonen of wurdt 'facebookfreon'.

De ledebydrage is op syn minst € 9.-- yn't jier.

Wa't ek **FREON fan Omrop Fryslân** wurde wol, kin belje nei 06-43903180. In mail nei freonen@omropfryslan.nl en oanmelde fia de webside kin ek.

PROGRAMMA 2023 - 2024

Freedtemiddei 19 jannewaris 2024 stiet der yn 'De Weijenbelt' in muzikale nijjersmiddei op it programma. Dan komme 'Grytz & Grize', oftewol jonge blom Grytsje Melchers en âlde rot Douwe van der Werff, mei eigen nûmers en nûmers fan Boudewijn de Groot yn it Frysk.

Freed 15 maart 2024 slute wy yn 'De Weijenbelt' it winterskoft ôf mei in jubileummiddei ta gelegenheid fan ús 125-jierrich bestean. Dat wurdt in feestlike, muzikale middei mei optredens fan it 20-jierrich Frysk Sjongkoar Swol en de bekende Fryske trûbadoer Gurbe Douwstra. Nei ôfrin kinne we mei-inoar ite.

Set de data yn jim bûsboekje en/of soadfoan!**NIJS FAN DE LESRUNTE**

De lêsrûnte hie op 8 septimber 2023 in boekbesprek oer '**De skarlún**' fan Reinder Brolsma (1882–1953). In boek út 1929 oer de 13-jierrige David Wynstra. Skarlún betsjut schelm, deugniet, mar ek guit, grappenmaker. David giet fan de 5e nei de 6e klasse, foar it lêste jier op skoalle. Syn heit soe him leafst fuortdaliks al oan it wurk ha wolle. Syn mem wol him noch even leare litte ('earmeljusbern har gouden oere is gau ferrûn'). Se wenje yn in baeijert (ferfallen wente) en ha winterdeis amper genôch te iten. Ik moast sawat op alle bledsiden wol it wurdboek der even by krije, wylst Bartje (1930) it wurdboek net nedich hân hat. Ik fûn it in moai boek, Brolsma skriuwt hiel ferhalend oer wat de jonge allegear meimakket. It boek is as pdf op ynternet te finen. It boek dat no lêzen wurdt is '**De masine**' fan Jan Minno Rozendal. Op 1 desimber sil dat boek besprutsen wurde.



Jelma Wiegersma .

(ferfolch fan side 4)

As it startskot dan falt, draaft it hiele spul de hal út nei de Swettehaven, fluch de redens ûnder, it Van Harinxmakanaal oerstekke en yn it roettsjuster de Swette del nei Snits, Drylts, de Sleattemar mar oer, troch Sleat, de Luts del, oer de Morra nei Starum, dan op nei Hylpen en Warkum. Yn Boalsert heart se dat sy de earste frou is dy trochkomt. Oant dan ta hie se der gjin idee fan wêr't har konkurrinten wiene. Dy sitte dus allegearre efter har. Soks jout fansels wol in 'kick'. Fan Hârn's ôf moat it sa'n 60 kilometer yn 'e wyn op nei Frjensjer en oant Dokkum ta. Klasina heakket oan by in groepke, mar dat wurket net goed mei-inoar op. Wat no? In taktyske set. Lit mar ride, efkes kalm oan dwaan oant der wer in groepke bylâns komt dêr't se by oanhekket. Dit groeple wurket gâns better gear. Mar ja, der sit wol in grutte konkurrinte yn dat groepke; Greta Smit. Dy moat ik dus goed yn 'e gaten hâlde, wit Klasina út ûnderfining. Nei in 'boost' fan it feestfierende Frjentsjer folget it drege stik troch 'de hel fan it noarden', mei dy ferdealde Blikfeart mei yn it midden in hiel lange djippe skuor. Utsjen dus. De kop der by hâlde. As se by Bartlehiem loftsôf de Dokkumer le opride, wit se net wat se heart en sjocht, sa'n soad folk op en om sa'n lyts brechje yn dizze útbuorren fan Fryslân. It kearpunt yn Dokkum slacht lykwols alles. It liket wol oft se in Romeinske arena ynrydt. Wat it geweldige sfear. Mar gjin tiid om der efkes fan de genietsjen. Der moat riden wurde! Mei de wyn yn 'e rêch werom nei



Ik haw him wûn!

Bartlehiem en dan loftsôf nei Aldtsjerk, oer de Murk en it Alddeel en dan it lêste ein nei de finish op de Bonkefeart. Klasina en Greta binne tegearre, se loere op inoar en slingerje foarsichtich ridend fan rjochts nei lofts oer it iis. Klasina is de bettere sprintster fan de twa. Ik moat Greta foar my hâlde, tinkt se dêrom by harsels. Mar wannear moat ik de einsprint ynsette? Hoe fier is it noch nei de einstreek? Want as Greta dat tempo langer folhâdt as ik?! En IK moat him winne! Alles spilet Klasina troch de holle. Dan giet se justjes fansiden en fielt dat se mear gong meitsje kin. No trochsette! En nei seis oeren en 49 minuten 'flijocht' se as earste froulike rydster oer de finish.

En wat in gaos en gekkehûs nei ôfrin. Klasina fertelt der oer as wie it juster bard. Gauris hat immen in fraach oan Klasina. Sa ûnstiet der in prachtige ynter-aktive middei en belibje dejingen dy't de Alvestêdetocht riden hawwe alles opnij.

Oan 'e kaei yn Harns

*Dêr oan 'e kaei yn Harns stiet iensum en ferlitten
in jonge faam en sjocht in koaster efternei.
Blaast by de Pôledaam de steamfluit trije stjitten,
dan is it krekt as heart se noch syn stim dy't sei:*

Anneke Douma



Dizze Fryske 'evergreen' bliuwt aktueel, al hat it **Frysk Sjongkoar Swol** him by myn witten net op it repertoire. Lykwols sjonge de leden al jierren mei in soad nocht en wille alderhande moaie Fryske lieten. Elk dy't sjonge wol, kin lid wurde. Men hoecht de Fryske taal net iens machtich te wêzen. As der mar yn it Frysk songen wurdt!

It koar fersoarget sa no en dan in optreden en ienris yn't jier hawwe de leden in útsje nei Fryslân. Tidens dat útsje sjongt it koar mei in soad foldwaning ek yn in âldereinhûs earne yn Fryslân. Yn 'e simmer komme de leden byelkoar foar in gesellige midsimmermoeting.

Freedtemoarns om 10 oere repeteart it koar yn it Moetingssintrum 'Het Anker', Voorsterweg 36, 8042 AD Zwolle (Westenholte).

Elk dy't fan sjongen hâldt is fan herte wolkom by it koar. Want sjongen ferbynt minsken en makket minsken bliid. Net allinne de sjongers. Ek de taharkers.



Kom earst mar ris nei in repetysje.
Dat jout fierders gjin ferplichting.

Nim foar mear ynformaasje kontakt op
mei ien fan dizze minsken



Douwe Boersma	foarsitter / skriuwer	0523 656802
Jolanda Lootens	ponghâlder	06 47585240
Jelma Wiegersma	diriginte	038 3311670

(JB)

SIMMERMOETING 2023 FRYSK SJONGKOAR SWOL

Us simmermoeting is dit jier op 4 augustus, de rispmoanne. Yn it Woonzorgcentrum 'Rivierenhof' yn Swol, dêr't ús koarlid Ans Wieling sûnt koart wennet. En Klaske Bakker ek, lid fan it Frysk Selskip Swol.

Foar it earst hâlde wy de simmermoeting mei in optreden. Oan't no ta wie it in bypraat- en gesellichheidsmomint, mar neat stiet fêst, dat blykt mar wer. De bewenners fan de Rivierenhof koene wol genietsje fan ús optreden en it waard tige by tige wurdearre. Alline efter it koar woene de mannen fan it biljerten leaver by har eigen spultsje bliuwe.

De meisjongers foar dit optreden dogge wy dan wol yn it Nederlânsk, oars sjonge der net safolle minsken mei, tinke wy 😊. De Suderseeballade, de Klokken van Arnemuiden en het Kleine café aan de haven, wurde goed meisongen! Nei in hertlik applaus lûke wy ús as koar werom yn in seal neist de grutte seal/ynjong.



De 'fleurige sjongers' fan it Frysk Sjongkoar Swol (foto: Jelma Wiegersma)

Dêr prate wy in skoft mei-inoar en hat ús aktiviteitenkommisje wer lekker drinken en wat te iten foar ús regele. In mooglik nij lid – Eefke – hat in moai muzykstik foar ús spile, dat tige wurdearre wurdt. Jelma lêst in moai ferhael foar en Pieter lit de foto's sjen dy't makke binne mei ús reisje oer de Fluessen, de Hegemermar en De Jouwer.

De tiid fljocht as men it noflik mei-inoar hat, mar oan alles komt in ein. Douwe, ús foarsitter, hâldt ús de datum foar dat wy wer los geane om te oefenjen foar it jubileum fan it Boun. Sa't jimme witte of lêzen hawwe, wie dat in tige slagge barren dêr't wy as koar ek mei goede oantinkens op werom sjogge. It sjongen mei safolle minsken klinkt hiel oars en wat hawwe wy derfan genietsje kinnen!

Mochten jimme meisjonge wolle? Graag! Wolkom! Jou jim op of kom ris te sjen en harkjen op in freedtemoarn yn Het Anker. Hokker datum is de earste? Nim efkes kontakt op mei Douwe of Jolanda (sjoch op side 6).

Jolanda Lootens

REISKE FRYSK SJONGKOAR SWOL 2023

Freed 28 april (of de gersmoarne, sa't Jan Bosgraaf dat altyd sa moai yn it boekje skriuwt) meie wy der as koar wer op út. Us kommisje hat der in moaie reis foar betocht nei Koudum en sjonge yn De Jouwer.

Lykas wenst litte wy de bus by Het Anker komme, ús repetysjeplak. Wy hawwe der wer tige nocht oan en steane allegearre moai op tiid klear en mei in oare sjauffeur as oars giet it op nei Koudum. Yn Koudum, neistenby der't foarhinne de Galamadammen wiene, leit de salonboat 'Klifrak' foar ús klear. De skipper en bemanning litte ús noch efkes wachtsje, se binne noch



net allegearre oan board, mar dat slagget en wy geane los. Spytich dat it wat reinich waar en fris is. No is it faak wat fris op it wetter, mar wy hawwe der yn 'e Klifrak efter de doeken of yn 'e salon gjin lêst fan. De kofje en fansels de oranjekoeke smeitsje tige by tige. Sa moai om ús hinne sjend, kinne wy ek lekker byprate. Dêr kinne wy wol wat fan. En mei wat fertrêdzjen komst ek noch ris mei in oar oan 'e praat. De skûtsjelunsj krije wy ek op 'e Klifrak en dat is tige fersoarge. In kroket, in kopke sop, broadsjes mei brie, fleis en gewoane tsiis, sûkerbôle, ensfh. It kin net op. No ja, wy slaan der fansels wol in moai gat yn, dat begrype jimme grif wol. Nei't wy sa moai oer de Fluessen en Hegemermar fearn hawwe, giet it om in oere as twa by De Gaastmar wer op 'e kant oan. Dêr stiet de bus klear om ús nei De Jouwer te bringen. Dêr sille wy sjonge foar de bewenners fan Woonzorg- en behandelcentrum 'De Flecke'. Wy sjonge dêr sa'n fyftich minuten. Mei in skoft om de kiel wat te smarren en it sjongen by de taharkers wat sakje te litten. It is altyd in ferrassing hoe't it publyk meidocht oan de meisjongers, mar dat klonk yn De Flecke wer goed. Op't lêst gie it op in drafke nei de bus. De tiid hâld gjin skoft, no? De reis nei Swol moast wer oangean, om't yn Het Anker it kâld- en waarmbuffet foar ús klear stean sil.

Yn 'e bus hâldt Douwe, ús foarsitter, noch in koarte gearfetting fan it ôfrûne jier en it ferstjerren fan ús moaie koarlid Tsjikke Steenstra sa koartlyn. By har ôfskie mochten wy as koar sjonge en dat docht ús goed en de famylje ek. It program foar it kommende jier wurdt ek neamd en wy sille ús net ferfele.

Yn Het Anker stiet, lykas sein, it buffet foar ús klear. In drankje, lekker ite en noflik mei-inoar prate, och dat hâldt in Fries lang fol. Dochs nimme wy ien foar ien ôfskie en hoopje wy inoar by de simmermoeting wer te sjen. In momint om nei út te sjen.

Mochten jimme meisjonge wolle, of mei wolle op dit soarte fan reiskes ... dat mei! Nim dan kontakt op mei Douwe of Jolanda (sjoch op side 6). En myn mobylnûmer om't de oare it net mear docht ☺

Jolanda Lootens

FRISIAN BLOOD

Ek yn de Feriene Steaten fan Amearika wiene Fryske Kritten, dêr't faak ek noch Frysk praat waard. Foar de nije generaasjes makke psalmenoersetter Dewey (berne as Douwe) Westra yn Holland, Michigan, in Ingelske oersetting fan it Frysk Folksliet.

*O Frisian blood, awake with strong pulsations
Go throbbing thru our ardent veins
Thrill to the choicest land among the nations
whose fame and prestige ever gains!
Ring then afar till the echoes resound
Your pristine honour, o Frisian ground.*



Tongersdei 14 desimber 2023 om 17.45 oere (ynrin fan 17.15 oere ôf) yn Hotel Restaurant 'Het Roode Hert'

Hessenweg 41, Dalfts

Krystmiel

mei meiwurking fan sjongeres



Grytsje Kingma



Noch net opjûn foar it krystmiel? Doch dat dan hjoed! Sjoch side 13.

DER IS DIZZE JUN IN FERLOTING MEI MOAIE (KRYST)PRIZEN !!!